

Opdrachtkaart 4

Ferset – 1943-1944



A. Yn petear

Ferdiel de klasse yn twaen. De iene kant stiet foar 'Mei iens' de oare kant stiet foar 'Net mei iens'. Lês in stelling fan in kaartsje foar. Elkenien mei sels even goed neitinke oer de stelling. De stellingen binne net goed of fout, it is ek gjin wedstriid wa't it earst in miening hat. Miskien twifelest? Dan kinst in bytsje yn it midden stean gean. Betink watst sizze kinst oer dyn kar. Meist oaren ek fragen stelle oer harren kar. Bygelyks:

- Kinst dat útlizze? Wat bedoelst mei...?
- Wêrom tinkst dat? Kinst in foarbyld jaan?
- Is dat altyd sa? Kin it tsjinoerstelde wier wêze? Stel dy foar dat... Wat as ...?
- Jildt dat dan ek foar ...? Betsjut dat...?

As jim oer in stelling genôch sein hawwe, betink dan: Hoe gie it petear? Bist wizer wurden? Tinkst no miskien oars; wolst no miskien op in oar plak stean? Wat wie dyn ynbring?

B. By in boarne

Op strjitte koest yn de Twadde Wrâldoarloch samar oanholden wurde troch soldaten. Do moast dan dyn persoansbewiis sjen litte. Underdûkers en oare minsken dy't socht waarden troch de Dútsers (lykas minsken dy't by it ferset sieten) woene fansels net oppakt wurde. Dêrom makke it ferset foar harren falske persoansbewizen. Mei harren eigen foto, mar mei in oare namme.

Der kamen yn 'e oarloch ek bern sûnder âlders nei Fryslân om ûnder te dûken, faak ek Joadske bern. Sy kamen dan te wenjen by in Frysk gesin dat dan krekt die as wiene de bern famylje. De bern krigen dan ek in oare namme: Deborah koe samar Dieuwke wurde, of Izaak waard Ytsen. Ek de achternamme waard feroare. Gjin Joadske namme mear lykas Polak of Cohen, mar in Fryske, bygelyks Dykstra of Boersma.

Besjoch de ferskillende persoansbewizen fan Haitze Wiersma. Do fynst se yn 'e 'Oarloch yn 'e klasse'-boks en op oarlochyneklasse.frl.

Haitze wie plysjeman en rekke belutsen by it ferset. Hy waard in lieder yn it ferset en moast geregeld op reis foar oerlis. Mar de besetter krige dat yn 'e gaten! Fansels woe hy net oppakt wurde, dus koe er net mear mei syn echte persoansbewiis oer strjitte. Binnen it ferset hie hy ek in skûlnamme: 'Koo's'. Op it lêst wist net ien syn echte namme mear.

De man op de foto is hieltyd Haitze Wiersma.

- Wat binne de ferskillen?
- Wat moat der allegear op in persoansbewiis stean om it echt lykje te litten?
- Wêrom wie it nedich dat nimmen Haitze syn echte namme wist?
- Wat tinksto: hoe soe it wêze as net ien dyn echte namme mear wit?

Stel: do soest ûnderdûke moatte en se soene foar dy in nije namme betinke moatte. Wat soe der oan 'e hân wêze kinne wêrom'tsto ûnderdûke moatst? Hoe soe dyn ferfalske persoansbewiis derútsjen? Wêr soe dyn nije namme oan foldwaan moatte?

Meitsje dyn eigen ferfalske persoansbewiis.



C. Yn 'e omjouwing

Yn in hiel soad Fryske plakken wiene fersetsminskten aktyf. Ferset wie der yn it grut en yn it lyts. Der wiene minskten dy't it Dútske leger sabotearje woene of persoanbewizen fersalsken. En ek minskten dy't harren radio ferstoppen en dêrmei stikem nei Radio Oranje en keninginne Wilhelmina lústeren. Ek sa no in dan in panne mei iten bringe by in gesin dêr't ûnderdûkers sieten, wie in foarm fan ferset, lykas de letters OZO (de ôfkoarting fan 'Oranje Zal Overwinnen') earne op skriuwe.

Undersykje:

- Wie der yn dyn wenplak of yn de omjouwing fan dyn wenplak ek ferset?
- Wat barde der yn dyn omjouwing oan ferset?
- Wiene der yn dyn omjouwing ek plakken dêr't ûnderdûkers sieten?
- Binne der yn dyn omjouwing ek monuminten foar fersetsstriders?
- Wat is it ferhaal fan dy fersetsstriders?



D. En no?

Yn de oarloch kaam der fansels fan alle kanten nijs. Der wiene de nijsberjochten fan de Dútsers, de nijsberjochten fan it ferbeane Radio Oranje en it illegale nijs dat fia de pamfletten by de minskten kaam. En dat nijs wie net allegear itselde. It Dútske nijs melde bygelyks dat it goed gie mei it Dútske ryk en it nijs op Radio Oranje fertelde dat de oerwinning foar de alliearden flakby wie. It Dútske nijs fûn dat de fersetsstriders tsjinstanners fan de frede wiene. Sy diene ommers oerfallen en dêr foelen ek wol slachtoffers by! Mar it illegale nijs neamde de fersetsstriders krekt helden. It koe bêst yngewikkeld wêze om út te finen wat de wierheid wie.

Tsjintwurdich komt it nijs ek op alderhande manieren nei dy ta. Hoe witst wat wier is? It sjoernal op telefyzje? It nijs yn 'e krante? De berjochten op nijswebsiden? En hoe sit it mei sosjale media? En nijsberjochten dy't nep binne foar de grap (tink bygelyks oan nijs op 1 april)?

Hearst in soad oer nepnijs. Praat mei-inoar oer de fragen:

- Wat is nepnijs?
- Wêrom soe ien nepnijs ferspriede wolle?
- Hoe kinst nepnijs werkenne?
- Binne grappen ek nepnijs?
- Hast sels wolris (mei fersin of mei opsetsin) nepnijs ferspraat?

Besjoch it filmke fan Schooltv oer nepnijs en doch de kwis. De link nei it filmke is te finen op oarlochyneklasse.frl.